

**Bydrage fan de FFU ta it provinsjaal debat oer *Fryske Fiersichten* op 7 nov. 2006 te Drachten troch Ed Knotter (skathâlder FFU)**

Myn namme is Ed Knotter, ik wenje yn Beetstersweach en ik wurkje yn it ûnderwiis. It ûnderwiis spilet ek in rol by de *fiersichten* dy't ik hjir nei foaren bringe wol.

It giet my om de Fryske taal en kultuer.

Om te kommen ta in folweardich plak fan it Frysk yn Fryslân soe der **taalwetjouwing** komme moatte dy't in bettere ferankering fan de posysje fan de taal jout as in bestjoersôfspraak.

It Frysk yn de grûnwet en neist in *oerkoepeljende* wet mear foech foar de provinsje. De provinsje as *meiwetjouwer* as it giet om it Frysk yn ferskate domeinen yn Fryslân: it ûnderwiis, it amtlik ferkear, it rjochtsferkear, de media, de soarch ensfh.

Om it Frysk op al dy terreinen yn de mienskip syn folweardich plak te jaan, is der mear stjoering fan de Fryske oerheden nedich. In eigen "ministearje" foar Fryske Taal en Kultuer soe, lykas dat yn de Dútske Bundesländer it gefal is, mear foar de talige en kulturele ûntjouwing fan de provinsje betsjutte kinne.

By nije plannen en projekten soe nei de gefolgen foar it Frysk sjoen wurde moatte. In miljeu-effekt-rapportaaazje is no in standertproseduere en sa soe der ek in *taaleffektrapportaaazje* hantearre wurde moatte.

De *sichtberens* fan de taal yn de iepenbiere romte: plaknammen, strjitnammen, buorden, opskriften ensfh. Foar dat fiersicht binne de eleminten rûnom!

Om sa'n fiersicht te realisearjen, wol ik de doelen neame dy't de *Feriening Frysk Underwiis* neistribbet:

- It Frysk wurdt in *normaal, dus ferplichte ûnderdiel fan it hiele ûnderwiis*, fan pjutteboartersplak oant en mei hegeskoalle, mei genôch ûnderwiistiid om de doelen te berikken, dy't op syn minst lykweardich binne oan dy foar it Hollânsk.
- In universiteit yn Fryslân is yn dit byld folslein op syn plak. De Fryske Akademy spilet yn ynternasjonaal ferbân in wichtige rol yn stúdzjes op it mêd fan minderheidstalen.
- Op alle skoallen wurdt in *trijetalige* oanpak hantearre, dy't konsekwint trochset wurdt oant en mei de pabû's fan de hegeskoallen. It eksperiment mei de trijetalige basisskoallen hat oantoand dat soks hiel goed mooglik is.
- It is dus ûnmooglik dat der yn Fryslân ek mar ien studint fan de Pabû komt sûnder Frysk yn syn pakket.
- It gear te stallen ûnderwiislearmateriaal moat *yntegraal* (b.g. yn ien lesmetoade) yn de trijetalige kontekst de bern *systematysk en longitudinaal* de oerienkomsten en ferskillen tusken de trije talen bybringe. It dialektisearingsproses moat keard wurde troch goed *ynterferinsjebestridend* ûnderwiis.

- Der moat in “Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer” komme (tink oan de “Language Board” yn Wales en Skotlân) om de fersnipeling en it byinoar lâns wurkjen fan hjoeddeistige organisaasjes op it mêd fan it Frysk foar te kommen of op te heffen.
- De okkerdeis útbrochte *kanon* foar it skiednisûnderrjocht befettet (op Eise Eisinga nei) gjin eleminten út 'e Fryske histoarje. Der sil dus ek in Fryske kanon komme moatte.
- Ferskate ynspeksjerapporten hawwe oanjûn dat guon skoallen neat of mar in bytsje oan it Frysk dogge, omdat se de tiid brûke wolle foar “rekenen en *Nederlandse taal*”. Dêr wurde se ommers op ôfrekkene! In better tafersjoch op it ûnderwiis yn Fryslân troch Frysktalige ynspekteurs is in wichtich ûnderdiel fan dit *Fyske Fiersicht*.

071106ek